

FRYSKE AKADEMY

Genealogysk Wurkferbân

Ferslach fan de gearkomste fan 3 desimber 2016

Der wienen 44 oanwêzigen op dizze jierboekgearkomste. Heeringa en frou Hartman wienen behindere. It wie drok by de boeketafel. 10 minuten oer tiid iepenet foarsitter Anne Hielke Lemstra de gearkomste. Nei in wurd fan wolkom jout er it wurd oan Melle Koopmans dy't meidielings docht oer de grêfskriften. Lêst septimber hie de kommisje sarken yn Terkaple besjoen, wêrby ien út de 15de ieu. Yn novimber kamen fiif ûnbekende sarken yn Himmelum foar it ljocht, û.o. fan Reitsma's en Aylva. Hja leinen foar in part noch ûnder in laach beton. De beskriuwing fan dy sarken stiet op in blog fan Hessel de Walle. Ek hienen hja in hiel âlde sark fan in heit en in soan út de 15de ieu besjoen en fotografearre, dêr't er fierders neat oer sizze mei, omdat de eigener fan de tsjerke dat earst net bekend meitsje wol.

Der wienen gjin op- en oanmerkingen by it ferslach fan 5 novimber.

En dan is it tiid dat Ype Brouwers as redakteur fan it Jierboek it wurd krijt. De redaksje is wer op sterkte meidat Harmen Foekema en Andries Koornstra oanskoad binne. De ferskillende auteurs krije no de gelegenheid om harren artikels ta te ljochtsjen.

Pieter Nieuwland iepenet de rige mei de Ljouwerter stedsfamylje *De Valk*. Hy bringt in stamrige fan seis generaasjes út, dy't begjin 17de ieu út ein set mei de klerk Feicke Douwes. De namme De Valck rekket earst om-ende-by 1690 ynboargere. It berop fan klerk en gerjochtsboade komt by de neiteam geregeldwei werom. Hendricus de Valck (1674-±1746) kaam ûnder fâdij fan syn oantroude omke Richard Brakenburg te Haarlim. Brakenburg wie in súksesfol skilder fan sjenrestikken. Syn pupil hat it fak fan him leard en waard sels ek in ridlik súksesfol skilder. De soan Henricus wie wer klerk en boade, mar rekke oan 'e drank en waard út syn amt setten. Syn soan Henricus Gerardus wie predikant te Tsjerkgaast, mar waard om deselde reden as syn heit út syn amt setten. Fan om-ende-by 1800 ôf giet it oars. De soan Johannes Henricus hat it ta mr. ferver en glêsmakker brocht. Notaris De Valk fan Hurdegaryp hat syn stambeam útsykje litten en fertelt yn it lêst hoe't syn famylje as gerniers en lytse selstannigen yn Barradiel en omkriten troch de tiid kommen is. Hy is wiis mei de útkomst. Wytse Tjoelker lit yn *In santjende iuws boerelaach yn Duerswâld/Bakkefean, mei patriottys neiteam* it ljocht skine op foarâlden Berga, dêr't er yn it Jierboek fan 2005 alris oer teset west hat. Dêrby komme ek alderlei aspekten fan de doarpskiednis op it aljemint. Hy docht dat yn de taal fan dy omkriten it Opsterlânsk. It die bliken dat Aaltje Luitjes, yn 1694 troude mei Goasse Sytses, wol thúsheart yn de kertieren Berga. Aaltje kaam fan Duerswâlde stim 14. Dy pleats waard sûnt 1597 al bebuorke troch famylje fan har mem har kant. Yn 1716 ferkeapet heit nettsjinsteande protesten fan de famylje de pleats oan frou Hiltie Hemminga út it fermidden fan regenten. It ljocht falt dan op de skiednis fan it opkeapjen fan stimpleatsen. Sûnt 1642 buorke de famylje ek op Weinterp stim 1 westlik fan Duerswâlde 14. En dan komt de ûntjouwing fan Wynjewâld binnen de kaveln fan dy beide pleatsen yn it ljocht. It twadde part fan dizze bydrage giet oer de neiteam fan Aaltjes suster Antje, troude mei Halbe Tseards. Pakesizzer Halbe Tseards, troude mei de dochter fan in feanbaas, wie yn tsjinst fan "de hear fan Bakkefean" E.H. van Burmania. Dêrmei anneks is de skiednis fan dizze "heerlijkheid", dy't fan 1578 oant 1800 breed útwurke wurdt, en in byld jout fan Bakkefean as feankoloanje. De soannen Tseard en Halbe Reinders wienen radikale patriotten.

De skriuwer fan dit ferslach presintearret *De Fryske kertieren fan Petrus Jozef Sijtse de Jong*, oftewol de âld-minster-presidint Piet de Jong, dy't dit jier 101 jier âld is ferstoarn. De Fryske foarâlden binne beheind ta 63 kertieren, sitte almeast yn 'e Súdwesthoeke en wienen katolyk.

Under harren boeren, skippers, arbeiders, mar ek fakminsk as timmerlju, horloazjemakker en koperslaggers.

Spitigernôch is Otto Schutte der hjoed sels net by. Ype nimt no foar him waar. De lêste bydrage fan de auteur oan it Jierboek út 2013 soe de lêste west hawwe, mar no dochs net. Mei *Kwartieren van de echtelieden Seerp Fransen (Donia, ex matre Tania) en Wytske Fransen (ex matre Tania)*, in *parentelen* leveret hij op ‘e nij in mansk artikel yn de styl sa’t wy dy fan him wend binne (sjoch Jierboek 2009). It stik is opdield yn 10 tsien parentelen en set út ein mei Donia. De “Donia’s” wenje yn 1540 al te Koarnjum, mar neamde Seerp Fransen brûkt de skaainamme earst meidat er op Doniastate te Hallum buorke. Seerp en Wytske, troud yn 1690, binne neef en nicht lâns harren mem, dy’t út de Tania’s fan Blije skaait. Dy famylje komt oarspronklik út Kûbaard, mar brûkt de skaainamme earst meidat Pier Foppes al foar 1600 op Taniastate te Blije buorke. Breed útwurke binne ek de kertieren fan Syts Piers, dy’t fan Thiedt, de suster fan Grutte Pier, ôfskaait. Gâns gegevens wienen noch net earder publisearre. Dúdlik wurdt wat al dan net kloppet fan eardere publikaasjes oer dat skaai. Parentelen binne der ek fan de famylje fan Tyeds Obbedr., “Oldersma” en de famylje fan Syouck Upts.

As lêste sprekker hawwe wy Jelle Terluin fan de Fryske Rie foar Heraldyk mei in bydrage oer de registraasje fan famyljewapens. Dat binne dit jier Heslinga te Hinnaard, Hidaard, Marsum, Hoekstra foar de neiteam fan Jelle Harmens 1686 te Wânswert, Jukema foar de neiteam fan Ane Jelles Jukema te Seisbierrum, Koopman(s), Coopman(s), Koopal en Mercator, foar in slachte fan boeren en keaplju, dy’t har sûnt 1762 sa neamden, en ta beslút Mulder, Lammert, in pakesizzer fan Jan Mulder bekend yn De Folgeren.

Oan ‘e ein kommen dielt Anne Hielke mei dat er ús fan ’t simmer al te witten dien hat, dat er it foarsitterskip ein dit jier nei fiif jier dellizze soe. En no is it safier. Dizze gearkomste is de lêste dy’t er foarsitten hat. Hy bliuwt wol lid fan it bestjoer. Ype Brouwers betanket him persoanlik en út namme fan it bestjoer foar de goeie gearwurking en foar syn ynset foar it Wurkferbân. Hy krijt in sûkerbôle.

De folgjende gearkomste is mienskiplik mei de NGV op 11 maart.

Henk Zeinstra